



## LESBRIEF

# MAXIMILIAAN MODDERMAN JOUT IN FEESTJE



### • NASJONALE FOARLÊSDAGEN •

*Fan 25 jannewaris o/m 4 febrewaris binne it de 'Nationale Voorleesdagen'. It printeboek fan it jier is yn 2023 'Maximiliaan Modderman geeft een feestje'.*

Dat printeboek giet oer in jonkje dat allinnich thús is en in feest organisearret foar syn boartersguodbisten. It wurdt in wyld feestje. En in fiis feest! Wat sille heit en mem sizze as se thúskomme? In werkenber ferhaal foar alle bern dy't der wolris in binde fan meitsje!

Yn dizze lesbrief fine jim in Fryske oersetting fan it boek: 'Maximiliaan Modderman geeft een feestje'. Mei dy oersetting kinne jim it boek ek yn it Frysk foarlêze. Ek fine jim suggestjes foar (taal)aktiviteiten om it printeboek hinne. Sjoch foar mear ynformaasje oer de Nationale Voorleesdagen op [www.nationalevoorleesdagen.nl](http://www.nationalevoorleesdagen.nl)

### • YNTERAKTYF FOARLÊZE •

Ynteraktyf foarlêze wol sizze dat de bern ûnder it foarlêzen aktyf by it ferhaal belutsen wurde. De foarlêzer stelt bygelyks fragen oer wat der krekt foarlêzen is, lit de bern dingen oanwize yn it boek of freget de bern wat sy derfan tinke. Sa kinst as foarlêzer goed oanslute by de bern en wurde de bern mear belutsen by it ferhaal. Ek helpt it de bern om it ferhaal better te begripen.

Ynteraktyf foarlêzen kin op alderhande manieren en by alle boeken.

### • FOAR IT LÊZEN:

- Lês foar it foarlêzen sels it boek en de praatfragen út dizze lesbrief in kear troch.
- Sykje in noflik plakje om foar te lêzen. Soargje dat de groep net te grut is, sadat alle bern echt meidwaan kinne.
- Sjoch mei de bern nei de foarkant fan it boek. Wat sjogge sy? Dêr stiet in jonkje op mei allegear bisten. Wat dogge dy?
- Lês de titel foar: 'Maximiliaan Modderman geeft een feestje'. Hasto wolris in feestje hân? Watfoar feestje wie dat? Watfoar feestje soe Maximiliaan Modderman jaan?



# IT FERHAAL

MAXIMILIAAN MODDERMAN JOUT IN  
FEESTJE



## • IT FERHAAL:

*Maximiliaan Modderman jout in feestje*

Maximiliaan Modderman jout in  
feestje.  
In feestje foar bisten.  
Mei taart.

It wurdt in wyld feestje.  
En in fiis feestje.

Dat fine syn heit en mem aansten  
fêst net leuk.  
'De trui moat yn bad',  
seit Maximiliaan Modderman.

Miskien moatte de bisten ek yn bad.

'Kom', seit Maximiliaan Modderman.  
'Dan lêš ik jim foar.'

Maximiliaan Modderman sjocht nei  
it boek.

Hop,  
zoef,  
plûns.

Maximiliaan Modderman nimt noch  
in hap fan de taart.  
'Miskien', seit Maximiliaan  
Modderman,  
'moat de taart ek yn bad.'

'NEE!' roppe alle bisten.  
Te let.

'Miskien...' sizze de bisten,  
'...moat MAXIMILIAAN MODDERMAN  
yn bad!'

O jee,  
o wee,  
o nee...

'MAXIMILIAAN MODDERMAN!!!'

'It bad moat yn bad!'

## • PRAATTIPS FOAR ÛNDER EN NEI IT FOARLÊZEN •

Wachtsje nei it foarlêzen earst eefkes de spontane reaksjes fan de bern ôf. Heakje dêrop yn en/of brûk dêrnei inkelde fragen út it ûndersteande rychje om mei de bern oer it ferhaal te praten:

- It ferhaal giet oer in jonkje dat in feestje jout. In feestje foar bisten. Wat binne dat foar bisten? Binne it echte bisten?
- It wurdt in wyld feestje en in fiis feestje. Wêrom soe Maximiliaan dat wolle, tinke jim?
- De trui moat yn bad, de bisten moatte yn bad, it boek moat yn bad, de taart moat yn bad... Wêrom is dat? Kin dat allegear wol yn bad?
- Op it lêst sitte se allegear yn bad, méi de taart, it boek en de trui. Soene sy wol skjin wurde? Wêrom net?
- Dan komme heit en mem wer thús. Wat fine sy derfan dat se allegear yn bad sitte?
- Hoe losse sy it op dat alles en elkenien no smoarch is?
- Wat soene jim dwaan, as jim in wyld en fiis feestje hâlde soene?

## • BOARTSJE: LEKKER GRIEME •

*Nedich: in tafelskleed en ferve/pindakaas/sûkeladepasta/jam.*

Doch it guod dêr't jim mei grieme sille yn bakjes en lis it kleed op in tafel. Lit de bern mei it guod 'fingerfervje' op in tafelskleed. It hoecht net moai en it hiele kleed mei (hoecht net) bedutsen wurde. Lit de bern lekker bargje. As it kleed hielendal smoarch is, betinke jimme hoe't jim dat wer skjin krije kinne. Stopje it kleed mei-inoar yn in sopke, oant it wer hielendal skjin is. Lis oan de bern út watst dochst. Sa leare se oer 'skjin' en 'fiis'.

Net alle fragen hoege steld te wurden. Kies de fragen dy't passe by de bern of betink sels oare fragen om de bern te belûken by it ferhaal. Lês it boek sa faak foar ast wolst en brûk deselde of oare fragen.



## • SJEN: 'KLETSPOATSJES' •

*Besjoch it filmke 'Kletspoatsjes' op [tomke.frl](http://tomke.frl).*

It is in wiete dei: it reint en der is mist. Tomke wol graach mei Yana Yu nei bûten, mar Kornelia wol dat net ha, want dan wurde se hielendal wiet en smoarch. Mar as Kornelia dan efkes de doar út giet nei de supermerk, geane Tomke, Romke en Yana Yu dóchs stikem nei bûten ta. Se binne op tiid wer yn 'e hûs, mar se binne net sa skjin mear... Komt dat wol goed? Besjoch it filmke op [tomke.frl](http://tomke.frl) of scan de koade foar in direkte link.



• OPSIZZE: KNUFFELKNYN •

Nedich: in bad/wetterbak/wettertafel mei wetter deryn, in knuffelkny of oar knuffelbist.

Wat kin der allegear yn bad? Sykje guod dat yn bad kin. Lit de bern om beurten wat yn it bad dwaan, krekt lykas Maximiliaan Modderman dat docht. Wat bart der ast it yn it wetter dochst? Bliuwt it driuwen of sinkt it? En wat kin better net yn bad? Wat bart der ast dat wol dochst? As lêste dogge jim in knuffelbist yn bad. Sis it opsiferske op. Lit de knuffel swimme by it twadde stikje en lit him rûntsjes draaie, krekt as yn de waskmasine. Dêrnei helje jim him der wer út. Hoe meitsje jim him no wer drûch?



• KNUFFELKNYN •

MYN KNUFFELKNYN  
MOAT WOSKEN WURDE.  
HY LEI MIDDEN YN 'E DREK!  
JUSTER HIE IN FRJEMDE HÛN  
HIM SAMAR YN 'E BEK!

MYN KRÛPER  
SWIMT NO YN DE WASKMASYN!  
HY SWAAIT HYLTYD FOAR IT RÛT!  
WURDSTO SA NET DRONKEN, KNYN?  
STIL MAR,  
MEM HELLET DY DER SA WER ÚT!

(út: Kokkebynkes, Auck Peanstra)



• SJONGE: BOARTSJE YN 'E REIN •

Nedich: it ferske 'Boartsje yn 'e rein' fan Geartsje Douma, út 'Deuntsjes foar dy'. Dit ferske is te belústerjen fia [tomke.frl](http://tomke.frl). Scan de koade foar in direkte link.



Tekst & muzyk  
Geartsje Douma

D

Bû - ten boart - sje yn 'e rein, bar - gje, baai - e dat is fijn,  
 A7 D  
 stam - pe, spring - e, spat - te: pets! Ik bin kled - der kled - der klets!